De doar nei foech oer ûnderwiis yn it Frysk op in kier ...

Tom Dykstra

It rapport fan de stjoergroep Hoekstra jout in advys oer de mooglikheid om it foech oer it ûnderwiis yn it Frysk nei de provinsje te desintralisearjen. Yn Swingel 31 (july 2011) haw ik beskreaun hoe't it kabinet tsjin it rapport oansjocht. Neffens it kabinet jout it frijwat romte foar it Frysk, mar neffens my is soks grutsprekkerij. Lykwols sitte der yn de útstellen hiel lytse iepeninkjes. As de provinsje dêr no handich gebrûk fan meitsje soe, dan binne der kânsen om de posysje fan it Frysk (wat) te fersterkjen. It sil in kwestje wurde fan spitsroeden rinne: besykje om it draachflak by de tsjinakseljende skoallen te fergrutsjen om sa te kommen ta emansipearjend taalbelied foar it Frysk. No de kabinetsútstellen neier besjoen.

Oerlis mei de skoalle(n)

It ynspeksjerapport *Tusken winsk en wurklikheid/Tussen wens en werkelijkheid* (2010) oer de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk jout – krektlyk as de ynspeksjerapporten út 1999, 2001 en 2006 – in fierhinne negatyf byld. Sa wurdt betwivele oft der wol genôch maatskiplik draachflak is. Neffens de ynspeksje ûntbrekt it yn de skoallen oan taalgrutskens. Men kin jin ôffreegje hoe't dat komt. De ynspeksje spilet sels yn dat proses likegoed in kwealike rol: de skoallen wurde ôfrekkene op rekkenjen en ('Nederlandse') taal en de kwaliteit fan it ûnderwiis yn de oare rykstaal docht der net ta. Noch slimmer: de ynspeksje wol eins wol fan dy taak ôf, omdat de skoallen gjin goede mjitynstruminten hawwe.

Sa grutsk as in pau op jins taal wêze

Om ta ferbettering te kommen, stelt it kabinet yn syn reaksje út dat de provinsje it draachflak foar it Frysk fergrutsje moat. Der wurdt tocht oan it hâlden fan spesjale leararedagen en it organisearjen fan in konferinsje foar bestjoerders, skoallieders en leararen oer it brûken fan toetsen en toetsresultaten.

De provinsje kriget net in maklike taak om it draachflak yn de skoallen te fergrutsjen. Net allinnich fanwegen de nedige minskkrêft. De fertsjintwurdigers fan de skoallen yn Fryslân – de PO-ried – hawwe yn in brief oan it ministearje fan OCW oanjûn dat se de fokus leaver op de kwaliteit fan it ûnderwiis lizze as op in útwreiding fan it omtinken foar it Frysk op skoalle. In histoarysk te ferklearjen tsjinstelling, mar wol funest foar in ferplicht fak dat noch by de wâl op klatterje moat. Wol dy nije taak fan de provinsje effekt hawwe, dan sil earst by de ynspekteurs it draachflak ferbettere wurde moatte. Ynspeksje-ûndersyk nei de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk om de fjouwer jier – sa't no it gefal is – is te min. De ynspeksje sil – om de swakke posysje fan it Frysk te ferbetterjen – de ûntjouwing fan dat (noch jonge) fak kontinu folgje en stimulearje moatte. Dêrneist kinne der konferinsjes organisearre wurde en sil der mei alle hasten wurke wurde moatte oan it meitsjen fan gaadlike tusken- en eintoetsen en in goed en folslein learlingfolchsysteem.

It wurkjen oan in Frysk-freonlike (taal)hâlding by learkrêften is in dreech kerwei sa't de ûnderfinings yn de lêste tiid nei de ferplichting fan it fak Frysk wol leard hawwe. En dan hawwe wy it noch net iens oer it Frysk as fiertaal. It positive is dat de skoallen no de provinsje útlizze moatte wêrom't se neat of hast neat oan it Frysk dwaan wolle. De provinsje soe mei foarbylden fan skoallen (tink bygelyks oan de 'trijetalige' skoallen) dy't wol besykje om it goed te dwaan, de learkrêften en bestjoeren fergje moatte op harren ferantwurdlikens.

Inisjatyf foar útstellen

Der bestiet in grut misbegryp oer de funksje fan kearndoelen. Sjocht men dy as prestaasje-easken dy't alle bern helje moatte, dan klinkt al gau de rop dat dy kearndoelen net 'realistysk' binne. Sa hat deputearre Bertus Mulder yn syn brief fan 3 april 2006 oan it ferleegjen fan de kearndoelen Frysk tajûn, mei it argumint dat de nije kearndoelen better by de praktyk oanslute soene en dat der sa mear mooglikheden kamen om te differinsjearjen (!). Yn it ynspeksjerapport fan 2010 is fan it effekt fan dy maatregel neat werom te finen. Fansels sille skoallen net better differinsjearje as de easken nei ûnderen ta bysteld wurde. Soks dogge se yn De Haach ek net mei it Hollânsk. Krektoarsom! De easken geane omheech! De provinsje hat mei syn projekt *Boppeslach* yn it ramt fan efterstânsbestriding likegoed nochal wat jild yn it Frysk ûnderwiis stutsen om dat te ferbetterjen ynstee fan de doelen en ambysje(s) nei ûnderen ta by te stellen.

Kearndoelen binne bedoeld as easken oan it *oanbod* fan de skoallen. Easken oan *learkrêften* (!) en nét oan learlingen. Dat de kearndoelen yn termen fan learlingegedrach omskreaun binne, is mei oarsaak fan dy betizing. It *programma* fan de skoalle moat op syn minst dy wichtige kearndoelen befetsje en alle learlingen dermei konfrontearje. It binne *gjin* minimumeasken foar *alle* bern en sadwaande is differinsjaasje nei nivo en neffens mooglikheden fan de learlingen op syn plak. Ferleging fan de ynhâld fan kearndoelen om didaktyske reden is dus hielendal net nedich, wylst it ambysjenivo – tink bygelyks oan de Frysktalige learlingen – heech bliuwt.

It kabinet stelt út om de provinsje Fryslân it foech te jaan om op eigen inisjatyf kearndoelen foar it Frysk op te stellen. Deputearre Steaten kinne se lykwols pas fêststelle as de minister fan OCW se goedkard hat. Dêr binne kritearia foar opsteld. It probleem mei de hjoeddeiske kearndoelen Frysk (sawol ienfâldich mûnling as skriftlik taalûnderwiis) is net dat se neat foarstelle, mar dat it grutste part fan de skoallen se net yntegraal yn de skoalprogramma's opnimt. Soe de provinsje útstelle moatte om de kearndoelen Frysk wer lykweardich oan dy foar it Hollânsk te meitsjen? Of folle konkretere kearndoelen? It belang fan it kabinetsútstel is dat de provinsje derfoar soargje kin dat de doelen foar it Frysk net hieltiten fierder nei ûnderen ta bysteld wurde. Soks is gjin teory! Sa kaam yn 2003 de SLO op fersyk fan it Ryk mei it earmoedige útstel om konsept-kearndoelen Frysk fêst te lizzen dy't útgongen fan in bytsje *ferstean* en *lêzen*!

Parsjele ûntheffing as mooglik groeimodel

Yn 1999 hat it *Berie foar it Frysk* yn in advys oan Deputearre Steaten oanjûn foarstanner te wêzen fan in fleksibel *ûntheffingsbelied* foar it jaan fan it fak Frysk. Dat soe betsjutte: gjin yntegrale (= folsleine) frijstelling of ûntheffing jaan foar alle kearndoelen, mar allinnich foar in part fan dy doelen en dan ek noch tydlik (foar bygelyks trije jier). De skoalle kriget sadwaande de kâns om foar it neistribjen fan de kearndoelen dêr't gjín ûntheffing foar jûn wurdt, oarder op saken te stellen. Ien en oar soe mear rjocht dwaan oan 'passend' ûnderwiis of better by ûnderwiis 'op mjitte' passe.

De stjoergroep-Hoekstra beskriuwt ek de mooglikheid ta parsjele ûntheffing fan kearndoelen Frysk (dus foar in part fan dy doelen) om sa better oan te sluten by de skoalsituaasje en de populaasje fan de skoalle. It kabinet nimt dat idee yn syn reaksje oer. Mar de provinsje kriget fan it kabinet gjin frij om soks sels te dwaan. Yn oerlis mei it ûnderwiisfjild moatte foar parsjele en yntegrale ûntheffing kritearia opsteld wurde dy't op in ridlik draachflak by de skoallen rekkenje kinne. Dy moatte dêrnei net troch Deputearre Steaten mar troch de minister fan OCW fêststeld wurde. As der ferskil fan ynsjoch wêze soe, dan moat de lanlike Underwiisried om advys frege wurde.

Nettsjinsteande dy beheinings fan it foech om oer it ûnderwiis yn it Frysk te kedizen, jout it útstel in kâns om skoallen groeie te litten nei in mear twatalige/Frysktalige oanpak. Nim no in stedssituaasje mei in protte 'oarstalige' learlingen en mei 'ûnderdûkte' *Frysk*talige bern, dy't net heal foar harren Frysk útkomme doarre. Yn grutte halen soe it der sa útsjen kinne: yn de ûnderbou úteinsette mei mûnling Frysk (Frysktalige ferhaaltsjes, opsisferskes en lietsjes, twatalige



rûntepetearen, ensafuorthinne); yn de middenbou yntroduksje fan passyf skriftlik Frysk (lêzen) sûnder it mûnling taalûnderwiis (ferstean, prate) te ferslopjen; as lêste kin yn de middenbou it skriuwen fan it Frysk ek syn gerak krije, sadat yn 'e boppebou al gjin ûntheffing mear jûn wurde hoecht. En dan haw ik it noch net iens hân oer it Frysk as ynstruksjetaal by oare fakken.

Konklúzje

De 'operaasje desintralisaasje foech' hat de doar nét iepenset foar it nei de provinsje oerdragen fan (it) foech oer it ûnderwiis yn it Frysk. Der is in soad praat, mar de oaljefant hat in mûs op 'e wrâld set. It lanlik regear is benaud dat de earste rykstaal syn monopoalje-posysje yn it ûnderwiis yn Fryslân ferlieze sil, wylst in ûntjouwing as dy fan de trijetalige skoalle dêr hielendal gjin oanlieding ta jout. De kabinetsreaksje set de doar op in kier en it hinget fan de kreativiteit en it dreech folhâlden fan de provinsje ôf om foar it Frysk winst te beheljen, mar de rânebetingsten binne net geunstich.

Tom Dykstra is foarsitter fan de Feriening Frysk Underwiis

Yn sechstich jier in soad berikt

1951, it jier fan Kneppelfreed en ek it bertejier fan ús advys- en yngenieursburo. Yn de seis desennia dêrnei hawwe wy ússels, mar ek de wrâld feroarjen sjoen. Op it mêd fan miljeu, feiligens, ferkear en ynfrastruktuer kamen in soad útdagings op ús paad. Us doel bleau altyd itselde: derfoar soargje dat minsken noflik wenje, wurkje, reizgje en rekreëarje kinne. Yn Fryslân, Nederlân mar ek fier dêrbûten.

Yn sechstich jier tiid groeiden wy út ta in buro dat oeral yn de wrâld aktyf is. Dochs binne wy ús Fryske woartels nea kwytrekke. En lykas in soad Friezen sille wy it jier 1951 net ferjitte. It hat net alinne ús, mar ek Fryslân brocht dêr't wy no steane. Dêr binne wy grutsk op. Doe, no en yn de takomst.

Oranjewoud
Wurkje yn in wrâld fol mooglikhede

oranjewoud
Member of Antea Group